



FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 7 maaie byinoar west by Anne oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is.

Nettsjinsteande de hjoeddeistige krisis slagget it ús wer om de stipersbydrage op 10 euro te hâlden.

Fierders soene wy (noch altyd) graach de beskikking krije oer de emailadressen fan de leden sadat de wurklist digitaal oerstjoerd wurde kin. It skeelt ús fansels ek yn de kosten. Graach in berjochtsje nei stiftinggrou@live.nl. Minsken sûnder emailadres krije de wurklist fansels thús besoarge.

De gearstalling fan it bestjoer is net feroare: Yede vd. Veen (foarsitter), Gé van der Goot-Bangma (skriuwer), Bart van der Wyk (ponghâlder) binne it deistich bestjoer en Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen en Frans Bakker meitsje it bestjoer folslein.

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2014 – 2015

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.
Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou, tillefoan 0566-621992

Tongersdei 6 novimber 2014:

Ferline jier fearen **Sybren van der Vlucht** en **Bauke Lageveen** mei in skou troch Grou. De skou moat fansels al werom nei Ernst Wester. Dy bringe sy dus hjoed wer te plak en farre wer dwers troch 't âlde Grou. Bauke roeit him it swit yn 't hier en Sybren syn ferhalen binne (soms) ek wier.

Tongersdei 11 desimber 2014:

"Wetter en iis, myn libben as bern op Goaingahuzen". Net mear en net minder is de oankundiging fan de lêzing fan dizze jûn troch **Henk Kroes**.

Tongersdei 15 jannewaris 2015:

Fan 'e jûn komt foar it buordsje **Johannes Kleinhuis**. Hy sil ús ferhale oer syn pake Wiggele en beppe Gjet, harren soanen en fierdere famylje en kunde hjir yn Grou. Nei it skoft nimt er ús mei op in kuijer troch it doarp. Dêrby sil û.o. stilstien wurde by de plakken dêr't de minsken taholden wêr't it foar it skoft oer gie.

Tongersdei 5 maart 2015:

Dizze jûn wurdt yn twaën ferparte. Earst sil **Lieuwe Schuurmans** it hawwe oer 'Grousters yn oarlochstiid'. Dit giet oer in tal mannen yn de mobylisaasjetiid en dy't op ferskate plakken tsjin it Dútske leger fochten hawwe. Dêrby giet er ek yn op de gefolgen foar harren sels en it thúsfront.

Nei it skoft sil **Doekle Yntema** te set oer 'Fan de klaai nei it wetterlân'. Syn belibbing en ûnderfining oer it wenjen en wurkjen yn de omkriten fan Wytmarsum yn tsjinstelling ta it libjen en stribjen hjir yn de Grouster kriten.

FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2013 – 2014

7 novimber 2013.

Om healwei achten iepenet Yede de earste jûn fan it winterskoft 2013-2014 mei in hertlik wolkom en in mear as wolkom oan Sybren en Bauke. Fansels wurdt wer efkes sein wêr't de needútgongen binne en dat we tichte by it 50-jierrich bestean binne.

It wurdt wurdt jûn oan Sybren. **Sybren en Bauke yn in skou, farre troch Grou.** De rûte is bekend, it ferhaal giet alle kanten út. Farre lâns plakken dy't no gjin wetter mear binne, sa as bygelyks de Baai en de Grûndaam.

In foto út 1900 wiist ús op in hoekje yn de Westerbuert, it hûs fan Jan Gorter, jager Tsjalling van der Goot en dokter Schepers, dy't ek in echte jager wie. Yn de Westerbuert kamen de froulju by elkoar. Hiel gesellich, it nijs waard by it stap útsutele.

Dan de Baai yn, Halbertsma's fabriken. Oer it lean yn 1927, as men 20 jier wêze moast, dan wie it 26,40 gûne. By 19 jier 10% derôf en by 18 jier 20%. Yn 1970 is alles ferkocht oan Swedisch Match-groep. Piter Halbertsma wie doe 53 jier en Piter Mulder 48 jier (eigentlich is dit in lêzing apart).

Ferhalen oer Jehannes Wester en Ultsje, oer riderijen en hurdsilerijen, oer 1910, doe't alles ûnder wetter stie yn de Baai en yn 1911 wie it sa droech, doe koe der gjin skip troch.

De Grûndaam yn. De pleats fan Jonker, stiet no de Hema, de âlde klapbrêge oant 1931. Dêrnei kaam, oant 1960, de stiennen brêge mei de pisbak fan grintbeton en dat wie hiel bysûnder.

Dan Piter-hûnekarre. Tusken 1910 en 1940 binne der 6000 fergunnings útjûn foar hûnekarren.

It Molepaad, dêr't Van der Vlugt wenne, wie eartiids in Exelsiorwinkel. Kobus kaam ek noch op it aljemint, want Jehannes Zwerver, ek fan it Molepaad, syn frou wie in suster fan Kobus.

Yn it skoft hat de foarsitter de harkers op 'e hichte brocht fan de nije apparatuer, dy't oanskafte wurde koe mei stipe fan Fûns Mid-Fryslân.

Nei it skoft kamen we by Broer Stellingwerf. Hy hat 60 jier lang fioelebouwer west. Yn Den Haach trije jier les hân yn fioelbouwen, mar waard timmerman oant 1974. Foar de fioelen helle Broer it hout út Dútslân wei. Fierder de Rozegracht op. Foto's fan Lútsen en Tsjikke de Jong doe't se 50 jier trouw wiene. Lutzen wie post. It badhûs fan 1933-1965.

Oer stegen, Lebbe-Geartsje, evacuees, de efterkant fan de Menniste tsjerke, dy't yn 1829 klear wie (6000 gûne), de froulju Budstra, foar 150 gûne yn 't jier oargelniste, letter Jehannes van Stralen. Yn 1955 hie de tsjerke in patatcream, letter oerdien oan Sikke Busman. It jild wie foar it jeugdwurk.

Sjierk Buikstra, de tovenaer fan Grou, mei syn koper, Tjitte de omropper, dy't yn 1943 need-slachting oankundige. Hy hold ta yn it âld manne- en frouljushûs. Yn 1951 kaam Friesmahiem.

Mei âlde foto's fan Grûndaam nei de Boerewâl en op 'e mar. De GWS-steiger fan maart 1936, plak foar 63 boaten en yn desimber nochris 36 derby.

De Luif mei foto's fan merkemoandei en in tanker dy't yn 1979 skiphuzen te pletter fear. Foto's fan swimfroulju, de Grûndaam wer yn nijere tiid, de strontpream mei tonnen Grouster stront, allegearre arken yn de Grûndaam, wol 14 stiks. De wite draaibrêge en as slot it Hofje, dêr't yn 1961-1962 noch mar 4 bewenners wiene.

De rûte wie bekend, mar sa as oan it begjin fan de jûn al sein wie, it ferhaal gong alle kanten út.

De jûn waard ôfsluten mei Rôlje-rôlje. Elkenien song út folle boarst mei.

Yede betanke Sybren en Bauke en de harkers diene dat nochris oer.

Op 1 desimber is ferstoarn ús âld-stiper **Anneke Riemersma-Boonstra**, 87 jier âld en op 11 desimber ferstoar yn syn wenplak Drylts yn âldens fan 67 jier **Jaap Vergonet**.

12 desimber 2013.

Om 19.30 oere iepenet foarsitter Yede de jûn en hjit elkenien wolkom en yn it bysûnder **Lieuwe Schuurmans**, dy't it oer syn stambeam en famylje hawwe sil.

Lieuwe is trout mei Tiete en se hawwe 3 bern. Jantsje (1963) en de twilling Jaap en Hylke (1965).

De heit en mem fan Lieuwe wiene Jaap (1902) en Setske (1907), twa bern, Otte en Lieuwe.

Pake Otte (1866-1950) en beppe Geartsje (1866-1907) binne yn Easterlittens troud. De bern wiene Jeltsje, Thomas, Trijntje, Baukje, Aagje en Jacob (1902-1988), de heit fan Lieuwe.

Op Abbegeasterketting hie pake Otte in iisherberg, in timmersaak oan hûs en muzyk oan hûs. Spile fioele. Yn 1914 nei Grou ferhuze.

Jaap kaam yn de 7^{de} klasse. Jehannes van der Schaaf wie syn beste kammeraat. Jaap fûn letter wurk by Rinze Dykstra. Fan 1918-1920 by in gernier yn Stiens, yn 1920-1922 tûnfersoarger yn Gouda.

Yn 1923 kaam Jaap by Van der Made en De Vries.

Twa jier lang hawwe Jaap en Setske oan it Oerhaalspaad wenne. Doe kaam Otte en ferfearen sy nei de 1^{ste} Easterfjildstrjitte. Letter wer nei de Huzebosk en yn in steech efter de Haadstrjitte.

Mei Jaap Postma kocht Jaap Schuurmans letter in dûbel hûs oan de Raadhússtrjitte foar 3200 gûne. De fertimmerkosten kamen op 400 gûne. Moaie bylden waarden troch Bauke op it skerm brocht, dy't te meitsjen hiene mei de ferhalen fan Lieuwe.

Nei it skoft hearden we ferhalen oer skouwen opknappe troch Jaap, oer kattespoar, skou De Steur, skiphûs, heit sliepe yn de skou yn oarlochstiid. Allerhanne boeken fan eartiids, bosters, boochsjitte, knikkerdoaze, piksjittersblok, tabaksnijmasine yn 'e oarloch, drankjerinners foar de dokter en lâns de pleats fan Miedema kriekebrân makke, doe't Lieuwe yn de 6^{de} klasse siet.

Ferhalen oer in ûngelok yn it Hôflân, fan 2 jonges, dy't in projektyl fûnen en trochseagen. Dat wie fataal. Ien daliks ferstoarn, de oare nei in dei as wat.

Op 18 oktober 1944 moasten 175 Grousters nei Drinte ta. It hjitte fan twa wiken, mar it waarden tsien, 23 desimber kamen se wer thús.

Yn de oarloch hie de famylje Schuurmans in evakuee út Oosterbeek. De man wie oannimmer en yn novimber 1945 hat Sjoerd Kooiker de famylje nei Oosterbeek brocht. De bern nei skoalle en nei de legere skoalle hat Lieuwe nei de Ambachtsskoalle yn Arnhem west.

Letter binne hja wer nei Grou ferfearen en hat Lieuwe as learaar noch jierren les jaan kind. Al mei al dúdlike ferhalen, mar om alles goed op papier wer ta jaan, falt net ta. Lieuwe en Bauke wurde tige tank sein en mei in grut applaus foar beide mannen koe Yede elkenien in wol thús tawinskje, in goede jierwikseling en oant takommend jier.

16 jannewaris 2014.

Yn it nije jier alwer in seal fol stipers en harkers. Foarsitter Yede van der Veen iepenet de jûn en winsket elkenien in goed en sûn 2014 ta. In ekstra wolkom is der foar **Gjalt de Groot** en syn frou Els. Gjalt, in fjild- en natoerman yn ieren en sinen, sil dizze jûn fertelle oer syn boeken, jeugd en natoer. Gjalt hat sels rikke iel en boeken meinommen foar de ferkeap. Titels fan syn boeken binne: De jonge aaisiker fan Luctor et Emergo, It Swetshok, De aaisiker, It lêste aai en No moastst hearre! Gjalt fertelt oer de seis wiken yn it arkje fan Rink van der Velde, dêr't it boek "De jonge aaisiker" ta stân kommen is. Ek oer syn jongesjierren op Luctor et Emergo. As fiif-jierrich jonkje kaam de famylje De Groot (heit, mem en 4 bern) op Luctor et Emergo. De pleats stiet oan it Prinses Margrietkanaal, op 'e romte en allinnich berikber oer it wetter. Gjinn telefoan, gjinn leidingwetter, gjinn ferwaarming en waskelegenheid sa as hjoed-de-dei.

De ferhalen geane oer pake en beppe, reedride oer tichtfêrzen kanaal en iisbrekkers, oer de eigen famylje en oer Romke en Akke. Dizze minsken leine yn de Folkertsleat en hiene dêr in tichtset. Al mei al tige nijsgjirrige ferhalen.

Doe't Gjalt 14 jier wie ferhuze de húshâlding nei in pleats tusken Raerd en Dearsum.

De boeken en de iel gongen yn it skoft as waarme broadsjes oer de toanbank.

Nei it skoft lêst Gjalt út in boek foar en dat giet oer ielrikjen op 'e kompjûter, in ferhaal oer Gersleat. Gjalt is ek mûnedraaier en makket einekuorren, hat foarsitter west fan de fûgelwacht Raerd en Fryslân. Ek it ferhaal oer plestik guozzen, priissprekken, aaisikersklups, it drama fan Goatum, no 100 jier lyn en oer Jouke Terpstra mei in ljipaii nei de paus.

Gjalt wurdt betanke troch in waarm applaus fan de seal en troch ús foarsitter. Yede winsket elkenien wol thús, Gjalt en Els goede reis nei Holwert en alle gearre oant sjen.

Krekt twa dagen foardat wy Sint Piterdei fiere komt yn Ljouwert in ein oan it libben fan **Geertruida (Truus) Gijsbertha Dokter-Hooning** yn de hege âldens fan 95 jier.

6 maart 2014.

Alwer de lêste jûn fan it winterskoft fan de Stifting Grou.

Foarsitter Yede van der Veen iepenet de jûn mei in wolkom oan alwer in folle seal. Freget noch efkes oft der immen is dy't foar it nije winterskoft ek in suggestje hat en jout dan it wurd oan architekt **Rein Hofstra** út Grou.

Hofstra hat dosint west, hat in sit hân yn 'Hûs en Hiem' en û.o. yn 'Bouwkunst Groningen'. We krigen earst in plaatsje te sjen fan it Olympysk Stadion yn Amsterdam. Dêr hat Hofstra in stoel, om't er finansjeel dêr wat foar dien hat.

Hofstra fertelde mei bylden oer syn wurken en dat wiene der nochal wat. Twa brânwachtkazernes yn Boarnsterhim, huzen yn It Hôflân, Frensjer en Drylts. Restauraasjes yn Rien en Bartlehiem, wenhuzen yn Frensjer, brêgen yn Frankryk, yn Amsterdam. De brêge yn Wommels en yn 1998 en 1999 de brêgen fan de Slachte.

Yn Drachten de fytsbrêge, in brêge yn Surch, yn Noard Hollân (Schagen) in soarte fan Slachtebrêge, yn Grou de Nij Djip-brêge en houten huzen op It Hearrefean. Oeral sieten moaie en tige nijsgjirrige ferhalen by.

Ek wie der in loftfoto fan Grou. Fierder seagen we syn hûs yn It Hôflân, Roorda State, it hûs fan Lantinga, huzen op it âlde fuotbalfjild, it Sylsintrum, de Halbertsma-filla, de Sint Piter tsjerke (de moaiste yn Fryslân). Ek by dizze bylden waard tekst en útlis jûn oer moai, raar of it hie wol oars kind, om sa mar te sizzen oer it wol en wee. In tige nijsgjirrige jûn en fansels yn it skoft wer in stik oranjekoeke. De foarsitter betanket Hofstra, de sjoggers en harkers diene dêr ik tige yn mei.

Oan 'e ein waard noch ferlotte it boek "De Kof gaat voor de baet uit" besikber steld troch Geartsje Visser-van Stralen. De lokkige winner waard Jaap Ploegsma.

As sa'n winterskoft der wer opsit en wy binne dwaande mei de nije wurklist, dan is it leste nijs faak net it moaiste. Sa ek dizze kear:

Yn wat foar de measte minsken de moaiste tiid fan it jier is, ferstjert op 22 april te Ljouwert **Anne Roelinga**, 84 jier âld.

Op 28 april komt der nei hast 91 jier in ein oan it libben fan ús âld-stiper **IJBeltje de Groot-Wijbenga**.

Op 8 juny ferstoar yn Ljouwert **Geartsje Kooiker-Kleinhuys**, 78 jier âld.

Stiper **Bareld de Vries** moast op 2 augustus syn frou **Janny** yn âldens fan 81 jier út it libben loslitte.

En ien dei letter kaam it ôfskie fan it libben foar **Bouke Hans de Jong**. Hy waard 77 jier âld.

IT ARGYF

Wy trune ús stipers oan om foto's, aansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy't te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of yn brûklien te jaan, serieuze brûkers sille jimme tankber wêze.

As Jo Stifting Grou jildlik stypje wolle binne dêrta (belestingfreonlike) mooglikheden. Bygelyks it notariskantoar yn Grou kin Jo hjiroer neiere ynformaasje jaan.
--